
Skiednis – Histoarje fan de YKFE

Al ieuwen lang ha Friezen dwaande west mei de Bibel en geastlike lieten yn har eigen taal oer te setten. Mar altyd wiene it yndividuële partikulieren en bleau it stykjen yn parten fan de Bibel en yn in lyts tal lieten. Tsjerklike erkenning krige it nea. Oant der feroaring fan lucht kaam. Benammen troch it Kristlik Frysk Selskip.

a. Utjeften Lieten en Heidelberger Kategismus 1922 – 1961

Yn 1922 krige Fryslân in folsleine oersetting fan it Psalmboek troch Anders Minnes Wybenga yn opdracht fan it KFS, it Kristlik Frysk Selskip, mei in oersetting fan de Heidelberger Kategismus troch Eeltsje Boates Folkertsma, mar dat hat nea in tsjerklike goedkarring krige. In nije Psalmberiming fan de skoalmaster, sjoernalist en dichter Fedde Schurer, útjûn troch it KFS, ûndergie itselde lot. Mar der waard wol oer praat.

Dêrnei sette Fedde Schurer it Herfoarme Psalm- en Gesangboek út 1937 oer yn opdracht fan de Herfoarme Synoade, dy't dêrta de Kommisje foar de Evangeeljeferkundiging yn 'e Fryske Taal' ynsteld hie. Foar it earst waard it rjocht fan de Fryske taal troch in Tsjerke erkend.

De earste printinge waard publisearre yn 1955. De twadde printinge kaam yn 1961, oanfolle mei de 'Enige Gezangen' fan de Griff. Tsjerken, de Heidelberger Kategismus, de Tsiën Geboaden, it Us Heit, de Apostoalske Belidenis en de Belidenis fan Nicéa.

De boppeneamde Provinsjale Kommisje fan de Herfoarme Synoade en de Deputaten fan de beide Griffomearde Partikuliere Synoaden yn Fryslân ha hjir foar it earst mienskiplik as Tsjerken oan it Frysk wurke.

b. Utjefte Lieteboek foar de Tsjerken 1977

Yntusken wie troch oekumenyske gearwurking yn Nederlân it Liedboek voor de Kerken oplevere troch de Interkerkelijke Stichting voor het Kerklied. Yn 1968 kamen beide boppeneamde Fryske fermiddens wer byinoar en keazen út in grut tal dichters in trijemanskip, dat it Hollânske Liedboek yn it Frysk oersette.

Se hâlden fyftich Gesangen en twaëntweintich Psalmen fan Fedde Schurer oan en setten de oare lieten oer. Dy trije wiene Gerben Brouwer, Douwe Annes Tamminga en de noch libjende Bernard Smilde. De earste útjefte kaam klear yn 1977. Dêrnei folgen noch twa útjeften mear.

c. Utjeften Bibel 1943 – 1978

Yn 1943 koe dr Geart Aeilco Wumkes ûnder superfisy fan it Kristlik Frysk Selskip yn de Grutte Tsjerke te Ljouwert de folsleine kanonike Bibel yn it Frysk presintearje troch publikaasje by it Nederlandsch Bijbelgenootschap.

Doe't dy partikuliere Bibeloersetting yn 1966 yn grut formaat útferkocht wie, sei it KFS in nije oersetting soe in taak fan de Tsjerke wêze. De Herfoarme Provinsjale Tsjerkeferearring en de beide Partikuliere Synoaden fan de Griffomearde Tsjerken yn Fryslân seine goed en der kaam in Stifting Yntertsjerklike Kommisje foar de Nije Fryske Bibeloersetting.

Dêr sieten ek de RK-Tsjerke, Doopsgesinde Bruorreskip, Kristlike Grifformearde Tsjerken, Frije Evangelyske Gemeenten, de Katolike Bibelstifting en it Nederlânsk Bibelgenoatskip yn. Mei stipe fan de Provinsje Fryslân koe de NFBO yn 1978 presintearre wurde. Ek dêrfan ferskynden noch twa útjeften mear.

d. Oprjochting YKFE 1984; Utjefte Tsjinstboek - in oanset, diel 1 (2005) en diel 2 (ferwachte yn 2008)

Koart dêrnei kamen de trije Tsjerken, dy't no de Protestantske Tsjerke yn Nederlân foarmje, mei it projekt Dienstboek ' een proeve. Daliks fregen leden fan it KFS oan de Herfoarme Provinsjale Tsjerkefergearing en oan de beide Grifformearde Partikuliere Synoaden om in opdracht, it Dienstboek yn it Frysk oer te setten.

Dy opdracht kaam en meiïnoar stelden se yn 1984 de Yntertsjerklike Kommisje foar de Fryske Earetsjinst yn mei ds Paul Hekstra as skriuwer. Dat is de YKFE, dy't no noch bestiet troch alle stoarmen en wikselingen hinne! Trochdat dr Bernard Smilde yn de Commissie Dienstboek siet, beskikte er oer de oarspronklike Hollânsktalige konsepten. Dy naam er mei nei de YKFE en sa kaam it, dat yn 1987 diel 1 (Liturgy yn dagen fan rou) in wike earder ferskynde as it Hollânske orizjineel. Dat mocht fansels net en dêrom ha wy tasein, dat wy de Hollanners net wer foarút rinne soene.

Dêrnei ferskynden noch it diel Befêstiging fan amtsdraggers en it diel Doop en Belidenis. Dêrnei begûn it wurk oan it grutte Tsjinstboek ' in oanset, diel I, dat troch omstannichheden earst yn oktober 2005 yn de Grutte Tsjerke te Ljouwert oanbean wurde koe. De trije lytse dieltsjes binne letter op 'e nij besjoen en ta ûnderdiel makke fan it grutte Tsjinstboek diel II. Dêr wurdt op dit stuit oan wurke troch in nije oersetterskloft, dy't geregeld kontakt hâldt mei it bestjoer fan de YKFE. As alles goed giet, kin it yn oktober 2008 iepenbier oanbean wurde oan de Fryske Tsjerken.

e. Utjefte kompaktskiif Lieteboek foar de Tsjerken (2004) en Tuskentiden (2006)

Yn 2004 soarge de YKFE foar de útjefte fan it Lieteboek foar de Tsjerken op kompaktskiif. Underwilens waard der al wer wurke oan de nije lietbondel Tussentiids - Aanvullend liedboek bij het Liedboek voor de Kerken dy't yn 2005 útkaam. Foar it ferskinen fan dizze bondel leine der al in protte oersettingen ree en sadwaande koe koarte tiid letter ek de Fryske oersetting útjûn wurde. Nij wie dêrby de tajefte, in blomlêzing fan weardefolle Fryske lieten. Mei in sjongmiddei yn de Martinytsjerke te Boalsert waard op 15 oktober 2006 Tuskentiden - Oanfoljend lieteboek by it Lieteboek foar de Tsjerken presintearre.

f. Snypsnaren

De YKFE en har rjochtmjittige foargongers ha tusken de bedriuwen troch in grut tal lytsere aktiviteiten ûntwikkele, lykas in rige presintaasjedagen foar it Lieteboek, allykse foar de Bibel. Dêrnjonken ek in liturgy by de fiering fan Simmer 2000 en it 25-jierrige jubiléum fan it Lieteboek. Ta beslút neame wy noch de help by it opstellen fan liturgyen foar tsjerke- en en rou- en troutsjinsten foar Gemeenten, foargongers en liturgykommisjes.

Paul Hekstra, septimber 2007